

## Algemeine ynformaasje

**Perioade** april – oktober 2018  
**Kosten** tagong fergees  
**Boeking** fan septimber 2017 ôf fia [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl)

De Taletún is in projekt fan de Afûk yn gearwurking mei BUOG en yn 2018 ûnderdiel fan Lân fan taal, [www.lanfantaal.nl](http://www.lanfantaal.nl) en kulturele haadstêd Leeuwarden Friesland 2018, [www.2018.nl](http://www.2018.nl)

De Taletún is yn de wykeinen en yn de skoalfakânsjes frij tagonklik. Fan april oant en mei oktober binne der yn de Taletún ek op ferskate sneonen aktiviteiten foar it hiele gesin!

**Untdek alles oer Lân fan taal op [www.lanfantaal.nl](http://www.lanfantaal.nl)**

**Ontdek alles over Lân fan taal op [www.lanfantaal.nl](http://www.lanfantaal.nl)**

## Algemene informatie

**Periode** april – oktober 2018  
**Kosten** gratis toegang  
**Boeking** vanaf september 2017 via [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl)

De Talentuin is een project van de Afûk in samenwerking met BUOG en in 2018 onderdeel van Lân fan taal, [www.lanfantaal.nl](http://www.lanfantaal.nl) en kulturele haadstêd Leeuwarden Friesland 2018, [www.2018.nl](http://www.2018.nl)

De Talentuin is in de weekenden en in de schoolvakanties vrij toegankelijk. Van april tot en met oktober zijn er in de Talentuin ook diverse zaterdagen activiteiten voor het hele gezin!

# Wolkom yn de Taletún! Welkom in de Talentuin!

*Boarters- en ûntdekkersplak foar bern  
Speel- en ontdekplek voor kinderen*



Yn 2018 feroaret de Prinsetún yn Ljouwert yn in Taletún! Krekt as blommen yn in echte tún groeit en bloeit dêr dan taal. Fan letter oant wurdsje, fan wurdsje oant sin, fan sin oant ferhaal oant boek oant ... oant ... ach, eins is alles taal! Yn de Taletún giest op syk nei taal, boartest mei taal, belibbest taal en makkest taal.

In 2018 verandert de Prinsentuyn in Leeuwarden in een 'Taletún'! Net als bloemen in een echte tuin groeit en bloeit er dan taal. Van letter tot woordje, van woordje tot zin, van zin tot verhaal tot boek tot ... tot ... ach, eigenlijk is alles taal! In de 'Taletún' ga je op zoek naar taal, speel je met taal, beleef je taal en maak je taal.





## Tomke/Rinze en syn freonen

### Pjutton en groep 1, 2 (2-6 jier)

De jongsten geane yn de Taletún op syk nei de freonen fan *Tomke* (pjutton) of *Rinze de Kikkert* (groep 1 en 2). Hokker freontsje de bern sykje hinget ôf fan it printeboek dat jim útkieze. Jim kinne kieze út *Stip*, *Joazefine de ko*, *de Gruffalo*, *Rûpke Noaitgenôch* of *de Lytse mol*. Rom foar jim besite oan de Taletún krije jim fan ús suggestjes foar tariedende lessen en lêze jim mei de bern it troch jim keazen printeboek. Foar pjutteboartersplakken is der in spesjaal, nij temaboekje oer freonskip makke. Wolle jim *Tomke* of *Rinze* helpe mei sykjen? Skriuw jim dan fuortendaliks yn fia [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl) (sykje op 'taletún').

### Peuters en groep 1, 2 (2-6 jaar)

De jongsten gaan in de Talentuin op zoek naar de vrienden van *Tomke* (peuters) of *Rinze de Kikkert* (groep 1 en 2). Welk vriendje de kinderen zoeken hangt af van het prentenboek dat gekozen wordt. Jullie kunnen kiezen uit *Stip*, *Joazefine de ko*, *de Gruffalo*, *Rûpke Noaitgenôch* of *de Lytse mol*. Ruim voor het bezoek ontvangen jullie van ons suggesties voor voorbereidende lessen en lezen jullie het gekozen prentenboek. Voor peuterspeelzalen is er een speciaal, nieuw temaboekje gemaakt over vriendschap. Komen jullie *Tomke* of *Rinze* helpen met zoeken? Schrijf jullie dan meteen in via [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl) (zoeken op 'taletún').

## De dûbelsprekker

### Groep 6, 7 en 8 (9-12 jier)

De boppebouwers wachtet in spannend (taal)avontuur. De learlingen bedarje mei de haadpersoan út it ferhaal 'De dûbelsprekker' yn in lân dêr't jildt: 'ien lân, ien taal'. Wa't him dêr net oan hâldt, rint gefaar! Wat docht taal mei dy? Wat bart der asto dyn eigen taal net prate meist? En kinne wy mei syn allen in nije taal meitsje? Skriuw jim fuortendaliks yn op [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl) (sykje op 'taletún').

### Groep 6, 7 en 8 (9-12 jaar)

De bovenbouwers wacht een spannend (taal)avontuur. De leerlingen belanden met de hoofdpersoon uit het verhaal 'De dûbelsprekker' in een land waar geldt: 'één land, één taal.' Wie zich er niet aan houdt, loopt gevaar! Wat doet taal met jou? Wat gebeurt er als je je eigen taal niet kunt of mag spreken? Hoe maak je duidelijk wat je bedoelt? Welke talen ken je eigenlijk? En zou je zelf een nieuwe taal kunnen maken? Schrijf jullie meteen in op [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl) (zoeken op 'taletún').



## De wrâld oan talen

### Groep 3, 4 en 5 (6-9 jier)

Foar de bern fan groep 3, 4 en 5 giet der yn de tún in wrâld oan talen iepen. Sy gean op syk nei letters, klanken en wurden. Betsjutte dy foar elkenien itselde? Hoefolle ferskillende talen kensto eins? Ast dyn bêst dochst, goed sjochst en goed harkest, dan begrypst faak in hiel soad! Mar wat dochst as 't krekt wolst dat net elkenien dy samar ferstean kin? Gean op reis yn de tún en ûntdek dêr bekende en ûnbekende talen en geheime boadskippen. Ynskriuwe fia [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl) (sykje op 'taletún').

### Groep 3, 4 en 5 (6-9 jaar)

Voor de kinderen van groep 3, 4 en 5 opent zich in de tuin een wereld aan talen. Zij gaan op zoek naar letters, klanken en woorden. Betekenen die voor iedereen hetzelfde? Hoeveel verschillende talen ken je eigenlijk? Als je je best doet, goed kijkt en goed luistert, dan begrijp je best veel! Maar wat doe je als je juist niet wilt dat iedereen je zomaar kan verstaan? Ga op reis in de tuin en ontdek daar bekende en onbekende talen en geheime boodschappen. Inschrijven via [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl) (zoeken op 'taletún').



## Ynformaasje oer it programma

*Skoalgroepen kinne fan april oant en mei oktober 2018 meidwaan oan it programma yn de Taletún. Ynskriuwing foar de ferskate programmaûnderdielen is ferplichte en kin fan septimber 2017 ôf fia [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl). Sykje op 'taletún' of yn 'aanbod 2018'.*

De Taletún kriget yn 2018 ek in moai plakje yn Spoar 8, de digitale metoade Frysk foar it bû. Brûkt jim skoalle Spoar 8 (noch) net mar dogge jim wil mei oan it programma yn de Taletún? Jim krije rom foar jim besite oan de tún in ynlochkoade wêrmeit jim tagong krije ta de lessen. Foar pjutteboartersplakken is der in nij 'Doch mear mei Tomke'-temakatern oer freonskip beskikber.

*Schoolgroepen kunnen van april tot en met oktober 2018 meedoen aan het programma in de Talentuin. Inschrijven voor de verschillende programma-onderdelen is verplicht en kan vanaf september 2017 via [www.kultuerfilter.nl](http://www.kultuerfilter.nl). Zoek op 'taletún' of in 'aanbod 2018'.*

De Talentuin krijgt in 2018 ook een plek in Spoar 8, de digitale methode Fries voor het bo. Maakt jullie school (nog) geen gebruik van Spoar 8 maar doen jullie wel mee aan het programma in de Talentuin? Jullie ontvangen ruim voor het bezoek een inlogcode waarmee jullie toegang krijgen tot de betreffende lessen. Voor peuterspeelzalen is er een nieuw 'Doch mear mei Tomke'-themakatern over vriendschap beschikbaar.